
SKRIFTLIKE FRAGEN (kêst 32 RvO)

Fan : René van der leij - FNP

Datum fan yntsjinjen : 27-3-2024

Oan (kar) : It kolleezje fan boargemaster en wethâlders

Ûnderwerp : AAIPOP

Wize fan beäntwurdig : Skriftlik (binnen 30 dagen)

Datum tuskentiids antwurd :
(as it fan tapassing is) :

:

:

Datum beäntwurdig : 16 april 2024

Taljochting:

De organisaasje efter Aaipop hat witte litten ophâlde te sille mei de organisaasje fan it Aaipop Festival. In gebrek oan frijwilligers mar ek benammen de hieltyd dreger wurdende regeljouwing fan de gemeente Súdwest-Fryslân sit it festival dat al 35 jier op Peaskemoandei organisearre wurdt de organisaasje slim yn it paad. No moandei 1 april sil it bestjoer de stekker út dit foar de Fryske muzyk sa wichtich festival lûke. Lykwols hopet de FNP dat it gean sil om in 1 april grap mei in serieuus lûd en oprop. It bringt dat de FNP in tal fragen oan it kolleezje hat. Minder regels mear feest.

It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beäntwurdzjen):

1.	Wie it kolleezje op de hichte fan de kypjende regeljouwing sa as it festival dit no adressearret?
	Antwurd: Ein 2023 is der út namme fan in protte organisaasjes in brânbrieff stjoert nei alle fryske gemeenten. Hjiryn is oanjûn dat it hieltyd lestiger wurdt foar organisaasjes om in goed en feilich evenemint te organisearjen. Dit is bekend bij it Kolleezje en wurdt ek meinommen yn de nije evenemintenfyzje.
2.	Om hokker regeljouwing giet it dan en wêr sit de romte om binnen de juridyske ramten romte te sykjen?
	Antwurd: It giet hjir om de útfieringsregels foar eveneminten. Dit is benammen lânlike regeljouwing dy't troch gemeente útfierd wurde moat. Wat Aaipop oanbelanget giet it benammen om it oanleverje fan tentboeken. Sy hiere dizze tinten by in erkend bedriuw die foldocht oan de easken dy't steld wurde. It fielt foar organisaasjes dat dit dûbeld kontrolearre wurdt. Frege wurdt oft dit op in oare wize kin. Yn oerlis mei de konstruktuer wurdt dit oppakt, troch team Fergunningen. Dêrnjonken is yn 2022 de regeljouwing 'duorsumens by eveneminten' fêststeld. In protte organisaasjes rinne tsjin de duorsumheidseasken oan. Tink oan it oanjaan fan it oantal kilo's ôffal, in stroomplan,

	<p>iten siere/bakke ensf. Foar in soad frijwilligers is dit hiel lestich. Hjiryn binne fêst mooglikheden om dizze regels liniger te meitsjen. Better noch hjir binne we al mei begûn. De regels wurde simpeler makke en mei útlis oer de fraach yn de hânlieding draaiboek set.</p>
3.	<p>Binne der yn ús gemeenten mear organisaasjes fan festivals en eveneminten dy't soarchlike lûden ôfjouwe? Sa ja, hokker binne dat en om hokker regeljouwing giet it dan? Sa nee, is it kolleezje ree om de organisaasjes en stichtingen oan te skriuwen om te ynventarisearjen wat der spilet en dêrnei te sjen wat al mooglik is om de regeldruk en regelbrij lytser te meitsjen?</p>
	<p><u>Antwurd:</u></p> <ul style="list-style-type: none"> • By it organisearjen fan in evenemint is benammen de feiligens wichtich. Om organisaasje dêr goed oer neitinke te litten is der hantlieding draaiboek opsteld. It giet om in hantlieding dy't útleit wêr't je as organisaasje om tinke moatte by it organisearjen fan in evenemint op in feilige wize. It meitsjen fan in goed draaiboek is foar in protte organisaasjes in útdaging. Hjirfoar hawwe wy de ôfrûne moannen op ferskate jûnen en ferskate lokaasjes in helpdesk ynrjochten wêr't evenemintenorganisatoren mei harren fragen terjochte koene. Meiwurkers fan Team Fergunningen beäntwurden dan de fragen. Ek probearret team Fergunningen oan de foarkant goed mei organisaasjes mei te tinken. <p>Wat wy ek in faak hearre is de ôfboueregeling foar eveneminten. In oere neidat de muzyk stoppet, moat it terrein ek leech wêze. In protte organisaasjes krije dit net foar inoar. De organisaasje fan Aaipop joech oan dat dit by harren krekt hiel goed giet. It giet derom hoe't je dit oanpakke. In goed befeiligingsbedriuw is hjir wol fan belang. De winsk fan organisaasjes is om hjir in eveneminten-koördinator foar oan te stellen, dy't goed mei se meitinkt. Ek út it Kolleezje en Gastfrijheidseconomy wei is dizze winsk der en meinaam yn de nije evenemintefyzje.</p>
4.	<p>Soe it kolleezje yn oerlis gean wolle mei it bestjoer fan Aaipop om nei oplossingen te sjen yn de folle breedte? Wy tinke bygelyks ek oan in kampanje om frijwilligers te binen oan organisaasjes as oare foarmen fan bestjoer?</p>
	<p><u>Antwurd:</u></p> <p>Lokkich stoppet Aaipop net. Se gean wer troch. Nei in petear mei de organisaasje fan Aaipop die bliken dat it in protte teweibrocht hat. Mar dat besikers/persoanen beseffe dat in evenemint net draaie kin sûnder frijwilligers. Se fertrouwe derop dat it wer genôch frijwilligers opleverje sil. Fierder is by it tillefoanysk kontakt al meitocht mei de organisaasje en hat de organisaasje fragen steld dy't beäntwurde binne troch team Fergunningen.</p>

Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):